



Súdwest-Fryslân

Ferkiezingsprogramma 2026-2030

Mei-inoar foar ús takomst.

Inhoud

1. De fjouwer kearnwearden fan it CDA.

2. Mienskip yn Súdwest-Fryslân.

- 2.1 Gearwurkje yn stee fan ferdiele
- 2.2 De mienskip as basis
- 2.3 Yn'e mande mei doarpen en wiken
- 2.4 Frijwilligers en ferienings fersterkje
- 2.5 Sport en kultuer
- 2.6 Soarch foar kwetsbere minsken
- 2.7 ûnderwiis en gelikense kânsen
- 2.8 Moetingsplakken
- 2.9 Nijkommers

3. Ferkear.

4. Wenje yn Súdwest-Fryslân:

tichtby, betelber en klear foar de takomst.

- 4.1 fFugger nije húzen bouwe
- 4.2 Spesjale wenfoarmen
- 4.3 Alderein
- 4.4 Wenningkorporaasjes

5. Goede soarch en gearwurking yn de gemeente.

- 5.1 Soarch goed te berikken
- 5.2 Mantelsoarch yn Súdwest-Fryslân
- 5.3 Jeugdhulp yn Súdwest-Fryslân
- 5.4 Wurkje oan sûnens, previnsje en perspektyf

6. Feiligens yn Súdwest-Fryslân.

7. Lokaal ûndernimme en ekonomy. 16

- 7.1 Harkje nei ûndernimmers 16
- 7.2 Lege winkelpannen: kânsen foar libbende kearnen 17
- 7.3 Toerisme yn Súdwest-Fryslân 18
- 7.4 Wurkje oan wurk, foar elkenien 19

8. Klimaat yn Súdwest-Fryslân: earlik, realistysk en takomstrjochte. 20

- 8.1 Ambisjeus én helber klimaatbelied 20
- 8.2 Lânbou en lânskip yn Súdwest-Fryslân 21
- 8.3 Omjouwingwet 22
- 8.4 Natuerbehear 22

9. Sûne gemeentefinânsjes. 23

CDA Súdwest-Fryslân

Secretariaat:
Turfkade 44
8701 JM Bolsward
secretariaat@cda-swf.nl

www.cda-swf.nl
www.facebook.com/cdaswf

© CDA Súdwest-Fryslân, 2026



Mei-inoar foar ús takomst.

Foar jo leit it ferkiezingsprogramma fan CDA Súdwest-Fryslân foar de gemeenteriedsferkiezings op woansdei 18 maart 2026. In programma dat mei soarch gearstald is op basis fan ús fjouwer kearnwearden: rintmaster-skip, solidariteit, dieldel ferantwurdlikens en publyk rjochtfeardigens.

Sûnt it begjin fan ús moaie gemeente hat it CDA in wichtige bydrage leverje kinnen, en de ferantwurdlikheid nommen hat foar in sterk en stabyl gemeentebestjoer. Wy wolle mei-inoar in gemeente wêze dy't tichtby de minsken stiet en ek echt fan en foar de minsken út Súdwest is.

Dit ferkiezingsprogramma is skreaun troch de programmakommisje mei minsken út de fraksje, it bestjoer en leden mei spesifike kennis. It ferkiezingsprogramma hat sân tema's wêrfan at de ynfolling hieltyd wer basearre is op ús fjouwer CDA kearnwearden.

Ik hoopje fan herte dat jo je fine kinne yn ús kar en dat jo ek de kommende jierren wer kiese foar ús CDA!

In soad lêswille.

*Grietje Captein-Ludema
Foarsitter CDA Súdwest-Fryslân*



1. De fjouwer kearnwearden fan it CDA.

Rintmasterskip

Soarch foar de takomst

Rintmasterskip betsjut dat wy ferantwurdlik beheare wat ús tabetroud is, lykas natuer, klimaat, enerzjy en iepenbiere middels. Yn moderne termen giet it om duorsumens, it earlik dielen fan middels en omtinken foar takomstige generaasjes. Wy meie net útputte wat wy sels net werom bringe kinne.



Dielde ferantwurdlikes

Mei-inoar stjoere

De oerheid beslút net alles; minsken en mienskippen nimme sels ek it inisjatyf. Tink oan âlderlike belutsenens op skoalle, buertprojekten of soarch troch neisten. De oerheid jout stipe wêr't nedich is, mar fertrout op 'e krêft fan boargers en organisaasjes.



Solidariteit

Nimmen stiet allinnich

Yn in maatskippij soargje wy foar inoar, foaral foar dy minsken dy't kwetsber binne. Tsjintwurdich giet solidariteit oer gelikense kânsen, feiligens fan bestean en sosjale rjochtfeardigens. Bygelyks earlike leanen, tagonklike soarch en stipe foar dy minske dy't earmoede of iensumens ûnderfine.



Iepenbiere rjochtfeardigens

Earlike regels foar eltse nije

De oerheid moat earlik wêze en soargje foar feiligens, juridyske beskerming en gelikense behanneling. Yn dizze tiid betsjut dat ek it oanpakken fan ûngelikens, diskriminaasje en ûnrjocht - en it werombringen fan fertrouwen yn 'e oerheid.



2. Mienskip yn Súdwest-Fryslân.

2.1 Gearwurkje yn stee fan ferdiele

Yn in tiid dêr't minsken faak tsjinoer lykje te stean, wol it CDA Súdwest-Fryslân minsken just mei-inoar ferbine. Tegearre mei ynwenners, maatskiplike organisaasjes en ûndernimmers wurket it CDA oan in sterke, belutsen mienskip, dêr't elkenien him wolkom en heard fielt.

2.2 De mienskip as basis

It CDA Súdwest-Fryslân leaut yn de Fryske mienskip: mei-inoar libje, foar inoar soargje en belutsen wêze. De gemeente moat minsken helpe om meidwaan te kinne yn harren doarp of wyk. De mienskip foarmet de basis fan it mei-inoar libjen yn Súdwest-Fryslân.

2.3 Yn'e mande mei doarpen en wiken

It CDA Súdwest-Fryslân wol dat doarpen en wiken mear ynfloed krije op besluten dy't harren reitsje. Lokale plannen fan ynwenners moatte oanmoedige wurde. Doarpen en wiken kenne har eigen krêft en winskje it bêste.

Dêrom fynt it CDA it wichtich dat wy ynwenners betiid belûke by plannen, op in wize dy't by harren past. Wichtich is om yn it foar dúdlik te meitsjen wêr't de ynwenners ynfloed op hawwe en wat al fêst stiet. Wichtich is om foarôf de ferwachtingen, dêr't ynwenners ynfloed oer hawwe, dúdlik te wêzen. Sa bouwe wy mei-inoar oan in sterk en leefber Súdwest-Fryslân.

IT CDA SÚDWEST-FRYSLÂN KREST FOAR:

- Ynwenners fan doarpen en wiken fan it begjin ôf belûke by plannen dy't harren oangean, en net pas at plannen al hast klear binne;
- Transparant wêze oer wat fêststiet en wêr't echte ynfloed mooglik is;
- Inisjativen fan ynwenners yn doarpen en wiken stypje.

2.4 Frijwilligers en ferienings fersterkje

Ferienings, doarpshúzen, sportklups, tsjerken en harren frijwilligers binne wichtich foar de mienskip. It CDA Súdwest-Fryslân wol dat dizze minsken en organisaasjes foldwaande stipe, wurdearing en finansjele middels krije. Troch te sjen nei wat goed wurket, wol it CDA bestjoeren fan ferienings better stypje. Sa soargje wy derfoar dat frijwilligers mei nocht aktyf bliuwe en we ferienings sterk en takomstbestindich hâlde..

2.5 Sport en kultuer

CDA
6 Sport en kultuer binne fan grutte wearde foar de mienskip. Se bringe minsken fan jong oant âld byinoar, geane iensumens tsjin en soargje foar wille en persoanlike ûntwikkeling. Bern dy't yn oanrekking komme mei sport en kultuer wurde fearkrêftiger en sterker. In langere skoaldei, mei romte foar sport en kultuer, kin hjirby helpe. Sa krijt elts bern yn Súdwest-Fryslân gelike kânsen.

IT CDA SÚDWEST-FRYSLÂN Kiest foar:

- Dat elkenien meidwaan kin oan it ferieningslibben;
- Betelber en tagonklik lidmaatskip fan ferienings;
- It starten fan pilots om te ûndersykjen hoe't ferienings it bêste stipe wurde kinne.

IT CDA SÚDWEST-FRYSLÂN Kiest foar:

- Leechdrompelige foarsjennings foar sport en kultuer;
- Betelber en tagonklik ferieningslidmaatskip;
- Finansjeel stypjen (bliuwe) fan sport en kultuer;
- Fierdere útwurking fan de plannen foar it Sporthert yn Boalsert.

2.6 Soarch foar kwetsbere minsken

Elkenien moat help krije kinne as dat nedich is. De gemeente moat soarch en stipe tichtby en persoanlik organisearje. It CDA Súdwest-Fryslân wol dat minsken gau en goed holpen wurde. Gjinien mei bûten de mienskip falle, ûnôfhinklik fan leeftyd, ynkomen of eftergrûn.

2.7 ûnderwiis en gelikense kânsen

ûnderwiis helpt bern om har te ûntwikkeljen. It CDA Súdwest-Fryslân wol dat alle bern goed ûnderwiis krije, op skoallen dêr't bern én learkrêften harren ûntwikkeljen bliuwe kinne. Elts bern fertsjinnjet gelikense kânsen. Dat freget om in brede oanpak: omtinken foar talint, stipe by taalproblemen en in feilige, gelikense omjouwing.

IT CDA SÚDWEST-FRYSLÂN KIEST FOAR:

- Elkenien moat help krije kinne as dat nedich is, sûnder drompels;
- Minsken moatte gau en goed holpen wurde as se help nedich hawwe;
- Gjinien mei bûtensletten wurde, nettsjinsteande leeftyd, ynkomen of eftergrûn.

IT CDA SÚDWEST-FRYSLÂN KIEST FOAR:

- Goede skoallen yn ynklusive, duorsume gebouwen mei frisse lucht;
- Gelikense kânsen foar alle bern;
- It stimulearjen fan gearwurking tusken skoallen, berne-opfang en oare organisaasjes;
- Fierder ûndersyk en útwurking fan de mooglikheden foar in kampus foar fuortset ûnderwiis.

2.8 Moetingsplakken

It CDA fynt it wichtich dat minsken inoar moetsje kinne. Sokke plakken binne goed foar de sfear en ferbûnens yn in buert of doarp. Dêrom wolle wy dizze moetingsplakken behâlde en fersterkje. Tegearre libje begjint mei gearkomsten.

2.9 Nijkommers

It CDA Súdwest-Fryslân fynt it fan grut belang dat nijkommers de Nederlânske taal goed leare. In goede taalbehearsking is dé kaai ta wurk en suksesfolle yntegraasje en ynboargering. It CDA Súdwest-Fryslân fynt dat yntegrearjen in wersidige taak is. Dat freget wat fan de gemeente en fan de mienskip, mar ek fan nijkommer. an nijkommers de taak om har aktyf yn te spannen om goed yntegrearje te kinnen. Nijkommers moatte earlike kânsen krije yn it ûnderwiis en op de arbeidsmerk

IT CDA SÚDWEST-FRYSLÂN Kiest foar:

- Trochrinnende ynvestearring yn moetingsplakken foar jong en âld;
- Soargje foar tagonklike, duorsume en feilige moetingsplakken dêr't elkenien him wolkom fielt.

IT CDA SÚDWEST-FRYSLÂN Kiest foar:

- Yntinsyf ynsette op taalprogramma's foar nijkommers;
- Inisjativen út it programma ' Statushâlders oan it wurk ' ûndersykje en oppakke.

3. Ferkear.

De gemeente Súdwest-Fryslân is, kwa oerflakte, de grutste gemeente fan Nederlân. Goede berikberens, rinnende, op'e fyts, mei it iepenbier ferfier, mei de auto, boat of de trekker, is yn ús gemeente fan grut belang. Dat betsjut in soad (wetter -) wegen, krusingen brêgen, akwadukten en fytspaden.

It CDA Súdwest-Fryslân wol dat ynwenners en besikers, feilich gebrûk meitsje kinne fan dizze foarsjenningen. Goede fytspaden en feiligens hearre dêrby. Wy wolle, tegearre mei ynwenners, kritysk sjen nei ferkearsûnfeilige situaasjes en dizze sa gau as mooglik oplosse. Wy wolle ynwenners en besikers stimulearje om foaral de fyts te brûken, want dat is sûn en miljeufreonlik.

IT CDA SÚDWEST-FRYSLÂN KIEST FOAR:

- Goede berikberens foar alle foarmen fan ferfier;
- Ynvestearje yn feilige en oantreklike fytspaden, sadat ynwenners en besikers faker kieze foar de fyts;
- Ynset op feilige diken en wêr 't mooglik diken yn de beboude kom diken oanpasse op nei 30 km/oere sônes;
- Tsjingean fan slûpferkear troch de doarpen;
- Ynset op in tredde ôfslach fan de N359 by Warkum.

4. Wenje yn Súdwest-Fryslân: tichtby, betelber en klear foar de takomst.

4.1 fFugger nije húzen bouwe

Yn Súdwest-Fryslân moat elkenien in goede en betelbere wenning fine kinne. Fan jongeren dy't foar it earst in hûs sykje oant âlderen dy't lytser wenje wolle. De wenningmerk stiet ûnder druk:

- Keapwenningen binne djoer wurden;
- Der binne te min sosjale hierwenten: Der wurde minder nije wenningen boud as needsaaklik is.

Dêrom wol it CDA Súdwest-Fryslân dat der flugger nije húzen boud wurde, sawol yn doarpen as yn gruttere kearnen. Net mei ien standertplan, mar mei oplossingen dy't passe by elts doarp en eltse wyk. Yn'e mande mei doarpsferienings en wenningkorporaasjes meitsje wy plannen dy't oanslute op de winsken fan bewenners.

4.2 Spesjale wenfoarmen

We wolle ek romte meitsje foar spesjale wenfoarmen, lykas:

- Meargeneraasje-wenningen;
- Wenjen op in hiem;
- Mantelsoarchwenningen;
- Wenjen op it wetter;
- Wenjen boppe winkels(dêr't dat mooglik is).

Jongeren moatte yn harren eigen doarp wenjen bliuwe kinne. Dêrom meitsje wy it bouwen fan starterswenningen makliker. Ek wolle wy lytsskalige nijbouprojekten yn doarpen stimulearje, sadat it doarpskarakter bewarre bliuwt.

4.3 Alderein

Foar âlderein wol it CDA mear wenningen bouwe dy't geskikt binne om wenjen te bliuwen ast âlder wurdst. Dizze wenningen moatte tichtby foarsjennings lizze, sadat minsken selstannich wenje bliuwe kinne. Dat soarget der ek foar dat der wer wenningen frijkomme foar jonge gesinnen.

4.4 Wenningkorporaasjes

Wenningkorporaasjes binne foar ús wichtige partners. Wy stypje harren wurk en soargje derfoar dat sy trochgean kinne mei ynvestearjen yn:

- Betelbere hierwenningen;
- Duorsume wenningen;
- Leefbere en noflike wiken.

Ek wolle we lege gebouwen yn doarpen en stêden om-bouwe ta wenningen of plakken dêr't je wenje en soarch krije kinne. De wenningmerk hat gearwurking én lef nedich. It CDA Súdwest-Fryslân wol ferstannich bouwe: yn balâns mei it lânskip en de omjouwing. Wy bouwe net al-linnich mear húzen, mar foaral bettere wenplakken.

IT CDA SÚDWEST-FRYSLÂN KIEST FOAR:

- In gemeente dy't aktyf grûn keapet om wenningbou mooglik te meitsjen, sûnder grutte risiko's te nimmen;
- Gjin inkel doarp giet op slot; útwreiding bliuwt mooglik, passend by de grutte en sfear fan it doarp;
- Ynwenners krije foarrang by de ferkeap fan nije keapwenten;
- 50% fan de sosjale hierwenten giet nei minsken út de eigen gemeente, of nei minsken mei in sosjaal of ekonomysk belang of in fitaal berop (lykas soarch of ûnderwiis);
- Twa fan de trije nijbouwenten moatte betelber wêze foar starters, gesinnen en âlderen;
- Kreative wenfoarmen wurde stipe, lykas gearwenjen of nije wenkonsepten;
- By it fergunnen fan nijbou passe wy goed op it feroarjende klimaat (lykas wetteroerlêst en hjitte) en hawwe wy omtinken foar it skieden fan û.o. skjin en griis wetter en stimulearringsregeling;
- Strange regels foar it ferhieren fan fakânsjehúzen of twadde húzen yn doarpshúzen en stêdden.

5. Goede soarch en gearwurking yn de gemeente.

5.1 Soarch goed te berikken

It CDA Súdwest-Fryslân fynt it wichtich dat soarch tichtby en maklik berikber is, yn alle doarpen en wiken. Benammen foar âlderein en minsken mei in beheining moat soarch goed te berikken wêze. Goede gearwurking tusken gemeente, soarchorganisaasjes en wolwêzensorganisaasjes, soarchferlieners en gesinnen is nedich foar in sûne

mienskip. Sa kinne we soargje dat de soarch better regele is en der minder dûbeld wurk bart. Ek wol it CDA Súdwest-Fryslân dat minsken nei inoar (bliuwe) omsjen en inoar helpe. Wy wolle in maatskippij dêr't minsken goed foar harsels en foar inoar soargje.

5.2 Mantelsoarch yn Súdwest-Fryslân

Yn Súdwest-Fryslân soargje in soad ynwenners, faak ûnsichtber, dei yn dei út foar in partner, âlder, bern of buorman. Mantelsoarch is ûnmisber yn ús maatskippij: it is in útering fan neisteleafde, ferantwurdlikens en ferbûnens. Mantelsoarch mei lykwols gjin útpûstingsslach wurde.

It CDA Súdwest-Fryslân stiet foar in maatskippij wêryn't we omsjogge nei elkoar. Dat betsjut dat mantelsoargers stipe wurde moatte – praktysk, finansjeel en emosjoneel. Wy harkje nei harren ûnderfiningen en sette ús yn foar maatwurk wêr't dat nedich is.

IT CDA SÚDWEST-FRYSLÂN KIEST FOAR:

- Bliuwe ynsette op betide en pro-aktive stipe fan mantelsoargers;
- Gau regeljen fan ferfangende soarch (respytsoarch op maat) foar mantelsoargers dy't it swier hawwe;
- Ien fêst oansprekpunt by de gemeente foar mantelsoargers;
- Mantelsoarch normaal meitsje en goed stypjen bliuwe troch wurdearring en erkenning;
- Mear omtinken foar jonge mantelsoargers.

5.3 Jeugdhulp yn Súdwest-Fryslân

Elts bern fertsjinnjet in feilige, stabile en leafdefolle omjouwing om yn op te groeien. At dat efkes net fansels giet, moatte wy as mienskip klearstean. It CDA Súdwest-Fryslân fynt dat jeugdsoarch tichtby, gau beskikber en rjochte wêze moat op wat wier nedich is. Net de regels, mar it bern en it gesin moatte sintraal stean.

Wy sjogge dat it hjoeddeistige jongereinsoarchstelsel ûnder druk stiet. De wachttiden binne lang, de burokrasy is te grut, de kosten binne heech, en húshâldingen reitsje soms it paad kwyt. It CDA Súdwest-Fryslân wol dat de gemeente regy hâldt en it gearwurken mei skoallen, húsdokters en soarchprofessionals fierder stimulearet om problemen betiid te sinjalearren en flugger passende help te bieden.

Tagelyk wolle wy in beweging nei normalisearjen: net elts probleem is in soarchfraach. Fertriet, eangst en ûnwissens hearre by it libben. Bern en jongerein moatte romte krije om te learen om te gean mei tsjinslaggen, mei stipe fan harren omjouwing. Net eltse hobbels hoecht in diagnoaze te wêzen.

Wittenskiplik ûndersyk toant oan dat meidwaan oan sport en kulturele aktiviteiten bern fearkrêftiger makket. Se leare omgean mei fertriet, teloarstelling, blydskip en ferlies - es-

sinsjele libbenslessen. Troch yn te setten op fearkrêft én it normalisearjen fan deistige problemen, bouwe wy oan sûne, selsstannige en takomstbestindige jongerein.

Bern en jongeren moatte goede help krije at se dat nedich hawwe. It leafst maklik en tichteby. Allinnich at it echt moat, krije se spesjalisearre help. De gemeente wol de help goed en effisjint jaan oan gesinnen dy't dat nedich hawwe.

IT CDA SÚDWEST-FRYSLÂN KIEST FOAR:

- Rappe help sûnder ûnnedige drompels;
- Koartere wachttiden by gebietsteams (maksimaal fjouwer wiken foar earste kennismakking);
- Ien gesin, ien plan, ien oansprekpunt;
- De jûste help by de jûste fraach;
- Yntinsivere gearwurking tusken gemeente, skoallen, gebietsteams, húsdokters en jeugdsoarch;
- Mear omtinken foar de jongere sels, minder foar regels;
- Betide sinjalearring fan problemen en stipe fan âlden;
- Ynvestearje yn previnsje, fearkrêft en normalisearjen.

5.4 Wurkje oan sûnens, previnsje en perspektyf

Goede soarch begjint net yn it sikehûs, mar yn de wyk, it doarp en de mienskip. It CDA Súdwest-Fryslân leaut yn in gemeente dêr't sûnens en wolwêzen previntyf fersterke wurde troch gearwurking, belutsenens en aktyf boargerskip. Want wa't wurket oan himsels, wurket oan de mienskip.

Wy sette yn op it fersterkjen fan de Bluezone-gedachte: in libbensomjouwing wêryn't minsken sûn âld wurde kinne, mei omtinken foar bewegen, iten, sosjale ferbining en sinjouwing. Wurk spilet hjiryn in haadrol, want sinfol wurk, frijwilligerswurk en deibesteging drage by oan mentale en fysike sûnens.

IT CDA SÚDWEST-FRYSLÂN Kiest foar:

- It fersterkjen fan de Bluezone-gedachte;
- Tegearre mei soarchpartners, wolwêzensorganisaasjes en ynwenners bouwe oan in gemeente dêr 't previnsje sintraal yn stiet

6. Feiligens yn Súdwest-Fryslân.

It CDA Súdwest-Fryslân fynt it wichtich dat eltsenien him feilich fielt yn syn doarp of stêd. De gemeente spilet dêr in wichtige rol yn. De boargemaster is ferantwurdlik foar de feiligens en wurket dêrby gear mei plysje, brânwacht, soarchynstellingen en wenningkorporaasjes.

De gemeente Súdwest-Fryslân docht al in soad om problemen foar te wêzen. Tink oan wykaginten, BOA's (hantavers), buertprevinsje, doarps- en wykkoördinatoaren en foarljochhtingskampanjes. It CDA Súdwest-Fryslân wol dat de gemeente goed gearwurket mei ynwenners, skoallen, soarch en oare organisaasjes. Sa kinne wy mei-inoar oerlêst en kriminaliteit sa folle as foarkomme. Feiligens, leefberens en soarch hearre byinoar.

IT CDA SÚDWEST-FRYSLÂN KIEST FOAR:

- Problemen mei jongerein op tiid oanpakke, tegearre mei de âlden, skoallen en it Sociaal Collectief;
- Jongeren warber meitsje, bygelyks troch it programma Cool Súdwest;
- Ynwenners belûke by feiligens yn harren eigen buert;
- Mear ynset fan BOA's (ekstra hantavers op strjitte);
- Kameratafersjoch op plakken wêr't in soad oerlêst of kriminaliteit is;
- Aktyf tapasse fan de Bibob-wet om te foarkommen dat kriminelen har fêstigje yn ús gemeente;
- Hurd optrede tsjin asosjaal of agressyf gedrach (ferhuftering).

7. Lokaal ûndernimme en ekonomy.

7.1 Harkje nei ûndernimmers

De ekonomy fan Súdwest-Fryslân draait foar in grut part op it midden- en lytsbedriuw (mkb). Likernôch 60% fan de banen yn ús gemeente komt fan it mkb. Dat leit boppe it lanlik gemiddelde. Wichtige sektoaren binne lânbou, toerisme, skipfeart en technology. It CDA Súdwest-Fryslân wol ûndernimmers styppen bliuwe.

Undernimmers hawwe ferskate soargen: de ien hat hege enerzjykosten, de oar wit net oft er op tiid stroom krijt fan it netwurk. It CDA Súdwest-Fryslân fynt it wichtich dat ûndernimmers help krije by it ferleegjen fan enerzjykosten. Ek wol it CDA Súdwest-Fryslân ûndernimmers helpe

as it stroomnet ûnbetrouber is. Der is hieltyd mear ferlet fan genôch stroom en goed oplate minsken. Dêrom wol it CDA ynvestearje yn gearwurking tusken bedriuwen en skoallen.

It CDA stipet it ekonomysk aksjeplan "Ondernemen met impact", wêrby't net allinnich groei fan ekonomy sintraal stiet, mar ek it stribjen nei in ekonomy dy't posityf bydraacht oan maatskippij en miljeu (duorsume ûntwikkeling).

IT CDA SÚDWEST-FRYSLÂN KIEST FOAR:

- Undernimmers mear romte jaan om te groeien;
- Stipe by oanslúting op it elektrisiteitsnet;
- Duorsum ûndernimmen stimulearje;
- Oplieding en byleare nei banen dy't takomst ha, tegearre mei bedriuwen en it ûnderwiis;
- Wurkje oan goede bedriuwslokaasjes en fernije fan âlde bedriuwsterreinen;
- Nije bedriuwsterreinen ûntwikkelje wêr nedich;
- In sterke posysje fan de gemeente tusken wichtige partijen;
- In gemeente dy't aktyf meitinkt mei ûndernimmers, bygelyks by fergunnings.

7.2 Lege winkelpannen: kânsen foar libbende kearnen

Hieltyd mear winkels stean leech, ek yn middelgrutte stêden en doarpen. Dit komt ûnder oare troch online winkeljen. It CDA Súdwest-Fryslân fynt dat de gemeente in aktive rol spylje moat om leechstân tsjin te gean.

In goede oanpak kombinearret tydlike oplossingen, lykas pop-upwinkels of kulturele aktiviteiten, mei duorsume oplossingen, lykas wenjen en horeca yn winkelgebieten. It CDA Súdwest-Fryslân wol yn'e mande mei ûndernimmers wurkje oan libbene doarps - en stedssintra. Goede berikberens, in oantreklike iepenbiere romte en stipe foar lokale ûndernimmers helpe dêrby. De gemeente kin ek leechstân yn de gaten hâlde en yngripe as gebouen te lang leechstean. It CDA Súdwest-Fryslân wol it kearnefûns trochsette. Dêrmei kinne plannen dy't doarpen leefber hâlde finansjeel holpen wurde.

IT CDA SÚDWEST-FRYSLÂN KIEST FOAR:

- Winkellokaasjes yn doarpen en stêden folgjen bliuwe en ferbetterje;
- Libbene sintra mei winkels, horeca en kultuer dy't inoar fersterkje;
- Yn petear mei eigeners fan lege gebouwen om se in nije bestimming te jaan, mei behâld fan moaie, âlde gebouwen;
- Grutte winkels leaver bûten it sintrum of op bedriuwsterreinen;
- tegearre mei ûndernimmers besjogge hoe 't starters goedkeap winkelromte hiere kinne;
- In gemeentlike sintrummanager foar alle doarpen en stêden mei winkels en horeca;

7.3 Toerisme yn Súdwest-Fryslân

Súdwest-Fryslân is in populêre toeristyske regio. Der binne in soad marren, lykas de Snitsermar, en de gemeente leit oan it Iselmar. Dat makket it oantreklik foar wettersporters. Ek stêden lykas Snits, Drylts, Warkum en Starum lûke toeristen troch harren skiednis en eveneminten. It CDA Súdwest-Fryslân wol ynvestearjen bliuwe yn toerisme. Bûten it heechseizoen is noch winst te heljen.

Toerisme is wichtich foar de ekonomy, mar moat passe by de omjouwing en de natuer. It CDA Súdwest-Fryslân wol dat toerisme soarget foar in noflik plak om te wenjen én te rekreëarjen.

IT CDA SÚDWEST-FRYSLÂN Kiest foar:

- Groei fan toerisme yn lykwicht mei leefberens en natuer;
- Mear binnenaktiviteiten by min waar en as seizoenferlinging;
- Romte jaan oan bysûndere en duorsume oernachtingsplakken;
- Gearwurking mei De Fryske Marren en ûndernimmers om toerisme te ferbetterjen;
- Ynvestearje yn moaie pakken lykas it marrengbiet en it Iselmar, mei foarsjennings foar kitors, kuiers en swimmers;
- Bettere ôfstimming fan brêgebestjiningstiden;
- Stimulâns foar duorsume farrûtes foar elektryske boaten;
- Farrûtes moatte goed befarber bliuwe;
- Rekreaasje betelber hâlde; by plannen foar it fernijen fan campings of fakânsjeparken moat goed oerlis wêze.

7.4 Wurkje oan wurk, foar elkenien

Wurk is mear as in baan: it is meidwaan, ûntwikkelje en bydrage oan de mienskip. It CDA Súdwest-Fryslân fynt dat elkenien rjocht hat op sinfol wurk, oft dat no betelle wurk of frijwilligerswurk is. Dêrom sette wy ús yn foar in gemeente wêr't wurk tagonklik, weardefol en takomstbestindich is.

IT CDA SÚDWEST-FRYSLÂN KIEST FOAR:

- It stimulearjen fan lokale ûndernimmers en stypje fan lear-wurktrajekten;
- Goede gearwurking tusken ûnderwiis, bedriuwslibben en oerheid;
- It CDA wurket oan wurk foar jongerein, foar âlderein, foar eltsenien dy't bydrage wol oan in sterke mienskip.

8. Klimaat yn Súdwest-Fryslân: earlik, realistysk en takomstrjochte.

8.1 Ambisjeus én helber klimaatbelied

It CDA Súdwest-Fryslân wol in klimaatbelied dat ambisjeus én helber is. Wy wolle de ierde goed trochjaan oan ús bern en bernsbarn. Dêrom nimme wy maatregels dy't duorsum, earlik en útfierber binne. Dêrby hâlde wy rekken mei húshâldens, bedriuwen en de regio, en sjogge wy goed nei de ekonomyske gefolgen.

CDA

20

De beskikbere romte yn ús gemeente wolle wy tûk benutte. Sinnepanielen hearre wat it CDA Súdwest-Fryslân oanbelanget yn it foarste plak op it dak of boppe parkearplakken. Wynmûnen op it lân binne allinnich ferantwurde as der foldwaande draachflak is, de oerlêst beheind bliuwt en se goed yn it lânskip passe.

De gemeente moat húseigners stypjen bliuwe by it ferduorsumjen fan harren hûs en minsken mei in leech ynkommen helpe om te besparjen op de enerzjyrekken. Dêrneist wolle wy ynwenners de romte jaan om mei-inoar enerzjy op te wekken en te dielen. Dat fersterket de mienskipssin en helpt by de oerstap nei skjinne enerzjy.

It CDA Súdwest-Fryslân fynt it wichtich dat der op lanlik nivo aktyf lobbyt wurdt foar in waarboarchfûns foar publike waarmtenetten. Sa soargje wy dat eltsenien meidwaan kin yn de enerzjytransysje.

Ta beslút: klimaatbelied is foar ús allinnich effektyf at it wier liedt ta minder útstjit, sûnder dat bedriuwen twongen wurde om te ferhúzjen nei it bûtenlân.

IT CDA SÚDWEST-FRYSLÂN KIEST FOAR:

- Ambisjeus én helber klimaatbelied;
- Sinnepanielen op dakken of boppe parkearplakken;
- Wynmûnen allinnich by genôch draachflak, beheinde oerlêst en goede lânskiplike ynpassing;
- Help by wening ferduorsuming;
- It stimulearjen fan lokale enerzjy-inisjativen;
- Lobby op lanlik nivo foar garânsjefûns waarmtenetten.

8.2 Lânbou en lânskip yn Súdwest-Fryslân

It CDA Súdwest-Fryslân stiet pal foar in takomst mei romte foar ús boeren. Sy binne ûnmisber foar ús itensfoarsjenning, it lânskip en de lokale ekonomy. Wy sette ús yn foar in duorsume takomst foar boeren, mei ekstra omtinken foar jonge boeren dy't it famyljebedriuw oernimme of fernije wolle. Earlike prizen foar iten binne essinsjeel. Boeren moatte in fatsoenlik ynkommen fertsjinje kinne. Dêrom wollen wy dat itensfeiligens en earlike prizen mear omtinken krije yn belied en merk.

CDA Súdwest-Fryslân wol dat boeren dy't op harren bedriuw oan agrarysk natuerbehear dogge (of dwaan wolle) dêrby stimulearre wurde, wêr't dat fanút de gemeente mooglik en nedich is. De gemeente moat dit fasilitearje fia har romtlik belied.

De útdagings op it mêd fan stikstof, wetter en klimaat freegje om gearwurking. Net tsjin, mar mei boeren. Wy wolle dat gemeente, boeren, wetterskip en oare partijen

mei-inoar oplossings ûntwikkelje dy't helber binne én perspektyf biede foar de lange termyn.

Dêrby stypje wy gebietsrjochte projekten as grûnruil of weriinjochting dy't bydrage oan in takomstebestindige lânbou en in oantreklik bûtengebiet.

IT CDA SÚDWEST-FRYSLÂN KIEST FOAR:

- In duorsume takomst foar (jonge) boeren;
- In derogaasje-pilot wêrby 't de gemeente yn 'e mande mei LTO oplûkt;
- Gearwurking tusken boeren en oerheid oan oplossings;
- Stipe foar gebietsprojekten lykas grûnrûl of weriinjochting.

8.3 Omjouwingswet

De nije Omjouwingswet helpt by plannen foar wenjen, wurkjen en rekreaasje. It CDA Súdwest-Fryslân wol dat ynwenners, bedriuwen en oerheid tegearre wurkje oan in moaie en leefbere gemeente.

8.4 Natuerbehear

Foar it CDA Súdwest Fryslân is natuerbehear fan grut belang yn ús gemeente. Natoer is essensjeel foar it wolwêzen en ús oerlibjen. Skjinne loft, skjin wetter, sûne boaiem en bestowing fan gewaaksen binne dêr foarbylden fan. Dêrneist spilet natuer in wichtige rol yn it regulearjen fan it klimaat en it bieden fan rekreaasjemooglikheden. Boppe-dat draacht rike natuer by oan it bioferskaat, wat essinsjeel is foar sûne ekosystemen en it foarkommen fan útstjerren fan planten en bisten. Net allinnich organisaasjes lykas Steatsboskbehear, It Fryske Gea of it Wetterskip, mar ek boeren drage fia Agrarysk Natuer- en Lânskipsbehear by oan natuerbehear.

IT CDA SÚDWEST-FRYSLÂN Kiest foar:

- In leechdrompelige “yntake-tafel” foar plannen fan ynwenners;
- In gemeente dy't meitinkt mei ynwenners en bedriuwen.

IT CDA SÚDWEST-FRYSLÂN Kiest foar:

- Bettere gearwurking tusken oerheden, organisaasjes en bedriuwen op it mêd fan natuerbehear;
- Ynset op skjin wetter en in sûne boaiem;
- Beskerming fan greidefûgels troch greidefûgelfreonlike leefgebieten te kreëarjen en te ûnderhâlden en inisjativen oangeande beskerming te stypjen.

9. Sûne gemeentefinânsjes.

It CDA Súdwest-Fryslân wol dat gemeentlike middels, dy't opbrocht wurde troch ynwenners, op in duorsume, transparante en soarchfâldige wize ynset wurde, sadat wy ek yn de takomst wurkje kinne fanút in sûne finansjele basis.

It is fan belang dat de gemeentlike organisaasje by it opstarten fan nije plannen, yn in betiid stadium op syk giet nei mooglikheden foar kofinansiering en / of subsidydzjes fanút bygelyks de Europeeske Uny, it Ryk, Wetterskip of de provinsje.

IT CDA SÚDWEST-FRYSLÂN KIEST FOAR:

- Gjinn ferheging fan wenlêsten, nei ynflaasjekorreksje;
- Gedegen finansjeel belied mei in sûn wjerstânsfermogen;
- By nije plannen betiidmooglikheden foar subsidydzjes en kofinansiering ûndersykje.